

De Minister fan Basis- en Fuortset Underwiis en Media, it kolleezje fan deputearre steaten fan Fryslân en it bestjoer fan de Stichting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum;

Mei it each op haadstik II en IX fan de Wet gemeenschappelijke regelingen;

Beslute:

ta de neikommende mienskiplike regeling te kommen ta it ynstellen fan in iepenbier lichem dat de argyfbeskieden en kolleksjes beheart dy't berêste yn it ryksargyfbewarplak yn de provinsje Fryslân, de Provinciale en Buma Bibliotheek yn Ljouwert en it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum yn Ljouwert.

Kêst 1

Yn dizze mienskiplike regeling wurdt ferstien ûnder:

1. de minister: de Minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip;
2. de provinsje: de provinsje Fryslân;
3. de stichting: de stichting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum;
4. argyfbeskieden: argyfbeskieden as bedoeld yn kêst 1, ûnderdiel c, fan de Archiefwet 1995;
5. kolleksjes: de samling histoaryske foarwerpen, boeken en oare skriftlike en elektroanyske beskieden yn de meast romme sin fan it wurd, dy't gjin argyfstikken binne, yn eigendom fan of behear by de minister, de provinsje en de stichting foar safier't it giet om foarwerpen, boeken of beskieden by it ryksargyfbewarplak yn de provinsje, de eardere Provinciale en Buma Bibliotheek yn Ljouwert en it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum yn Ljouwert;
6. deputearre steaten: deputearre steaten fan de provinsje;
7. provinsjale steaten: provinsjale steaten fan de provinsje, en
8. stichtingsbestjoer: it bestjoer fan de stichting.

Kêst 2

1. It doel om te kommen ta dizze regeling is de belangen te behertigjen fan de minister, deputearre steaten en it stichtingsbestjoer, oangeande de kolleksjes en argyfstikken, dy't berêste yn it ryksargyfbewarplak yn de provinsje, de kolleksje fan de eardere Provinciale en Buma Bibliotheek en de kolleksjes fan de stichting dy't oant 2002 ûnder it behear fan de stichting berêste.
2. De minister, de provinsje en de stichting kinne mei-inoar algemiene oanwizings jaan oangeande de wize wêrop't Tresoar de belangen, bedoeld yn it earste lid, behertiget.

Kêst 2a

1. Der is in iepenbier lichem neamd 'Tresoar'.
2. Tresoar is fêstige yn Ljouwert.

Kêst 2b

1. It bestjoer fan Tresoar fiert foar minister it neikommende wurk, de taken en foegen út:
 - a. de beheartaken, te ûnderskieden yn it behâlden, bewurkjen en benuttigjen fan de argyfstikken dy't yn it ryksbewarplak berêste.
 - b. de taken en foegen, bedoeld yn de kêsten 15, tredde lid, 16, twadde lid, 17, 18, 19 en 20, fan de Archiefwet 1995;
 - c. it foech fan de minister om op grûn fan de kêsten 25 en 26, twadde lid, fan de Archiefwet 1995 de ryksargivaris yn de provinsje te beneamen, tydlik út syn amt te setten en te ûntslaan;

2. it advisearjen en it dwaan fan útstellen oan de minister oer de taken en foegen, dy't troch de minister of deputearre steaten útfierd wurde, nei oanlieding fan de kêsten 5, 6, 7, 8, 12, 13 en 15, earste en twadde lid, fan de Archiefwet 1995.
3. It bestjoer fan Tresoar fiert foar deputearre steaten de neikommende taken út:
 - a. it behear, de útwreiding en it publyk tagonklik meitsjen fan de kolleksjes fan de eardere Provinciale en Buma Bibliotheek, en
 - b. it befoarderjen fan de Fryske literatuer en de ûntwikkeling dêrfan, troch it Fryske literêre klimaat te ferbreedzjen yn de meast romme sin.
4. It bestjoer fan Tresoar fiert foar it stichtingsbestjoer de neikommende taken út: it behear, de útwreiding en it publyk tagonklik meitsjen fan de kolleksjes fan de stichting.
5. Oan it bestjoer fan Tresoar kinne troch de minister, deputearre steaten en de stichting oare taken dy't ferbân hâlde mei it behertigjen fan de belangen, bedoeld yn kêst 2, opdroegen wurde.
6. De taken as bedoeld yn it earste, twadde en tredde lid wurde útfierd mei achtslaan fan de troch of foar de minister, de provinsje en de stichting fêststelde beliedsramten, beliedsregels en oare ynstruksjes.

Kêst 3

It algemien bestjoer stelt de regels oangeande de kosten, bedoeld yn kêst 14 en 18, seisde lid, fan de Archiefwet 1995, fêst by unanimititeit en folget dêrby safolle mooglik de regels dy't de minister op grûn fan kêst 19 fan de Archiefwet 1995 foar de argyfbeskieden fan it Ryk fêststeld hat.

Kêst 3a

1. It algemien bestjoer stelt de regels oangeande it brûken fan de Fryske taal yn en troch Tresoar en har meiwurkers yn in Taalstatút fêst. Dat bart by unanimititeit.
2. It by de oprjochting fan Letterhoeke (Tresoar) fêststelde Taalstatút jildt daliks nei it fêststellen fan de nije regeling, en kin troch it bestjoer fan Tresoar letter as dat nedich is wizige wurde, mits mei unanimititeit. Ek in mooglik wizige Taalstatút befettet ôfspraken dy't it brûken fan it Frysk en it Nederlânsk troch Tresoar en har meiwurkers foarskriuwe en mooglik meitsje.

Kêst 4

1. It algemien bestjoer bestiet út sân leden.
2. De minister wiist trije leden oan.
3. Deputearre steaten wize trije leden út harren midden oan.
4. It stichtingsbestjoer wiist ien lid út syn midden oan.
5. De minister, deputearre steaten en it stichtingsbestjoer kinne foar elk lid ek ien plakferfangend lid, foar deputearre steaten en de stichting út syn midden, oanwize, dat it lid by behindering of ôfwêzigens ferfangt. Itjinge yn dizze regeling oangeande in lid fan it algemien bestjoer fêststeld is, is fan soartgelikense tapassing op it plakferfangende lid, of it moat wêze dat de regeling oars foarskriuwt.
6. It lidmaatskip fan it algemien bestjoer einiget fan rjochtswegen op it stuit dat de sittingsperioade fan deputearre steaten ôfrint. It lidmaatskip einiget ek as it oanbelangjende lid ophâldt lid of foarsitter fan deputearre steaten te wêzen.
7. In persoan dêr't it lidmaatskip nei oanlieding fan it seisde lid fan einige is, kin op 'en nij oanwiisd wurde.
8. As tuskentiden in sit fan in lid fan it algemien bestjoer fakant komt, wize de minister, deputearre steaten of it stichtingsbestjoer sa gau as mooglik in nij lid oan.

9. De minister, de provinsje of de stichting kinne it lidmaatskip fan in troch harren oanwiisd lid beëinige, as dat lid net mear harren betrouwen hat.
10. In lid fan it algemien bestjoer dat syn lidmaatskip ta beskikking steld hat, bliuwt yn funksje oant in nij lid oanwiisd is.

Kêst 4a

1. It algemien bestjoer komt op syn minst twa ris jiers byinoar en fierder sa faak as de foarsitter of it deistich bestjoer dat nedich achtsje, of op syn minst in fiifde fan it tal leden dat, ûnder opjefte fan redenen, skriftlik freget.
2. De gearkomsten fan it algemien bestjoer binne iepenbier. As de foarsitter of in fiifde part fan de oanwêzige leden dat nedich achtsje, moat it algemien bestjoer beslute oft de gearkomste mei sletten doarren wêze sil.
3. It algemien bestjoer stelt in reglemint fan oarder foar syn gearkomsten en oare wurk fêst.
4. De foarsitter ropt de leden skriftlik ta de gearkomste op.
5. Tagelyk mei de opropping makket de foarsitter dei, tiid en plak fan de gearkomste iepenbier bekend. De wurklist en de útstellen dy't dêrby hearre, mei útsûndering fan de yn kêst 23, twadde lid, fan de Wet gemeenschappelijke regelingen bedoelde stikken wurde tagelyk mei de opropping en op in by de iepenbiere meidieling oanjûne wize op besjen lein.
6. De gearkomste wurdt net iepene eardat, sa't út 'e presinsjelist bliken docht, mear as de helte fan it tal leden dat sitting hat oanwêzich is en ek alle dielnimmers oanwêzich binne.
7. As nei oanlieding fan it seisde lid de gearkomste net iepene wurde kin, belet de foarsitter, ûnder ferwizing nei dit kêst, op 'en nij in gearkomste op in stuit dat op syn minst fjouwerentweintich oeren nei it besoargjen fan de opropping leit.
8. Op de gearkomste, bedoeld yn it sânde lid, is it seisde lid net fan tapassing. It algemien bestjoer kin lykwols oer oare oangelegenheden as dy dêr't de as gefolch fan it seisde lid net iepene gearkomste foar belein wie allinne mei-inoar rieplachtsje of beslute, as út de presinsjelist bliken docht dat mear as de helte fan it tal leden dat sitting hat oanwêzich is en ek alle dielnimmers oanwêzich binne.
9. Oare persoanen kinne útnûge wurde om as adviseur in beskate gearkomste fan it algemien bestjoer by te wenjen.

Kêst 5

1. Elk lid fan it algemien bestjoer hat ien stim.
2. In lid fan it algemien bestjoer nimt net diel oan de stimming oer in oangelegenheid dy't him streekrjocht of midlik persoanlik oangiet of wêrby't hy as fertsjintwurdiger yn in oare eigenskip ek behelle is en wêrby't spanning fan belangen spilet of de yntegriteitsfraach oan 'e oarder wêze kinne soe.
3. In beneaming giet immen persoanlik oan, wannear't hy heart by de persoanen dêr't de kar troch in foardracht of by in werstimming ta beheind is.
4. In stimming is allinne jildich, as mear as de helte fan it tal leden dat sitting hat en him net fan dielnimming oan de stimming ûnthâlde moat, dêroan dielnommen hat.
5. It fjirde lid is net fan tapassing:
 - a. as op 'en nij stimd wurdt oer in útstel of oer in beneaming, foardracht of oanrekommandaasje fan ien of mear persoanen oangeande wa't yn in eardere gearkomste in stimming op grûn fan dat lid net jildich wie;
 - b. foar safier't it ûnderwerpen oanbelanget dy't yn in dêroan foarôfgeande net iepene gearkomste oan 'e oarder steld wiene.

6. Foar it ta stân kommen fan in beslissing by stimming wurdt absolute mearderheid easke fan harren dy't in stim útbrocht hawwe, foar safier't de regeling net oars foarskriuwt.
7. By in skriftlike stimming wurdt ûnder it útbringen fan in stim ferstien it ynleverjen fan in behoarlik ynfolle stimbriefke.

Kêst 6

1. It algemien bestjoer hat om alle oan Tresoar takende taken útfiere te kinnen alle foech dat net oan in oar orgaan opdroegen is.
2. It algemien bestjoer kin de direkteur, bedoeld yn kêst 29, ta ryksargivaris yn de provinsje beneame, tydlik út syn amt sette en ûntslaan.
3. Oan de foegen fan it algemien bestjoer wurde gjin beheinings oplein as gefolch fan kêst 44 fan de Wet gemeenschappelijke regelingen, mits it totaal fan de ferplichtings dy't oangien wurde binnen de goedkarde begrutting falt. Foar it oangean fan ferplichtings troch it algemien bestjoer bûten de goedkarde begrutting jildt de prosedure fan kêst 18, 18a en 19.
4. It algemien bestjoer beslút allinne dan ta it oprjochtsjen fan en it dielnimmen yn stichtings, maatskippen, fennoatskippen, ferienings, koöperaasjes en ûnderlinge boarchmaatskippijen, as dat yn it bysûnder oanwiisd achte wurde moat foar it behertigjen fan it dêrmei te tsjinjen belang. It beslút wurdt net nommen dan neidat de minister, provinsjale steaten en it stichtingsbestjoer yn de gelegenheid steld binne om it algemien bestjoer fan harren winsken en betinkings op 'e hichte te bringen. It beslút wurdt nommen by unanimititeit.

Kêst 7

It algemien bestjoer stelt sa gau as mooglik skriftlik oan de minister, provinsjale steaten en it stichtingsbestjoer de troch harren frege ynljochtings beskikber.

Kêst 8

1. In lid fan it algemien bestjoer dat troch de minister oanwiisd is jout de minister sa gau mooglik mar yn alle gefallen binnen 45 dagen de troch de minister frege ynljochtings.
2. In lid fan it algemien bestjoer dat troch deputearre steaten oanwiisd is jout oan deputearre steaten en provinsjale steaten sa gau mooglik mar yn alle gefallen binnen de termyn neamd yn it reglemint fan oarder fan provinsjale steaten, de troch ien of mear leden frege ynljochtings.
3. In lid fan it algemien bestjoer dat troch it stichtingsbestjoer oanwiisd is, jout oan it stichtingsbestjoer sa gau mooglik mar yn alle gefallen binnen 45 dagen de troch ien of mear leden frege ynljochtings.

Kêst 9

De minister, deputearre steaten en it stichtingsbestjoer kinne in troch harren oanwiisd lid fan it algemien bestjoer, dat net mear harren betrouwen hat, ûntslaan.

Kêst 10

1. It deistich bestjoer bestiet út de foarsitter en twa oare troch it algemien bestjoer út syn midden oan te wizen leden, sa dat sawol in lid oanwiisd troch de minister, in lid oanwiisd troch deputearre steaten as in lid oanwiisd troch it stichtingsbestjoer as lid fan it deistich bestjoer oanwiisd wurde.
2. It lidmaatskip fan it deistich bestjoer einiget fan rjochtswegen, sadree't ien ophâldt lid te wêzen fan it algemien bestjoer.
3. Kêst 4, achtste lid, is op deselde wize fan tapassing.

4. Alle leden fan it deistich bestjoer hawwe ien stim. Beslútfoarming bart by absolute mearderheid fan stimmen, foar safier't net oars yn de regeling fêstlein is.
5. Yn 'e gearkomste fan it deistich bestjoer kin allinne dan rieplachte of besletten wurde, as alle sitting hawwende leden oanwêzich binne.
6. As it easke tal leden net oanwêzich is, beleit de foarsitter, ûnder ferwizing nei dit kêst, op 'en nij in gearkomste.

Kêst 11

It deistich bestjoer komt sa faak gear as ien of mear leden fan it deistich bestjoer soks nedich achtsje.

Kêst 12

It deistich bestjoer stelt regels foar syn gearkomsten fêst.

Kêst 13

It deistich bestjoer hat yn alle gefallen op 'e noed:

- a. it fieren fan it deistich bestjoer fan Tresoar;
- b. besluten fan it algemien bestjoer tariede en útfiere;
- c. regels fêststelle oer de amtlike organisaasje fan Tresoar;
- d. amtners beneame, tydlik út it amt sette en ûntslaan;
- e. besluten ta privaatrjochtlike rjochtshannelings fan Tresoar, útsein privaatrjochtlike rjochtshannelingen as bedoeld yn kêst 6, fjirde lid;
- f. besluten út namme fan Tresoar, it deistich bestjoer of it algemien bestjoer om prosessen, beswierprosedueren of administratyf beropsprosedueren te fieren of hannelings as tarieding dêrop te ferrjochtsjen, of it moat wêze dat it algemien bestjoer, foar safier't it it algemien bestjoer oangiet, yn foarkommende gefallen oars beslút;
- g. it nimmen fan alle konservatoare maatregels sawol mei rjocht en bûten it rjocht en it dwaan fan alles dat nedich is om ferjierring fan rjocht of besit foar te kommen;
- h. it behear fan de aktiva en passiva fan Tresoar, en
- i. de soarch, foar safier't it deistich bestjoer dêrfoar stean moat, foar de kontrôle op it jildlik behear en de boekhâlding fan Tresoar.

Kêst 14

1. De foarsitter wurdt troch en út it algemien bestjoer oanwiisd.
2. Ut de oare leden fan it deistich bestjoer, bedoeld yn kêst 10, earste lid, wurde ien of mear plakferfangend foarsitters oanwiisd.
3. De foarsitter hat de lieding fan de gearkomsten fan it algemien bestjoer en it deistich bestjoer op 'e noed.
4. De foarsitter tekenet de stikken dy't it algemien bestjoer of it deistich bestjoer útgean lit, of it moat wêze dat hy it tekenjen fan guon stikken oan de direkteur opdroegen hat.
5. De foarsitter fertsjintwurdiget Tresoar mei rjocht en bûten it rjocht. Hy kin de fertsjintwurdiging opdrage oan immen oars, dy't fan him dêrta machtige is.

Kêst 15

1. It algemien bestjoer kin beslute dat de leden fan it algemien of deistich bestjoer, foar safier't hja net de funksje ferfolje fan deputearre, kommissaris fan de Kening, of as amtner yn tsjinst fan it Ryk of de provinsje wurkje, in fergoeding foar harren wurk foar Tresoar krije.

2. De leden fan de bestjoeren, bedoeld yn it earste lid, krije in temjittekomming yn de kosten. Reis- en ferbliuwskosten foar it bywenjen fan de gearkomsten fan it algemien bestjoer hearre dêr ek by.
3. De yn de foargeande leden bedoelde fergoeding en temjittekomming wurde troch it algemien bestjoer fêststeld en yn de jierlikse begutting opnommen.

Kêst 16

1. De foar de útfiering fan dizze regeling beskikber te stellen middels wurde troch de minister en de provinsje levere, troch it jaan fan jierlikse bydragen, op basis fan de begutting.
2. De minister en deputearre steaten soargje derfoar dat it iepenbier lichem altyd oer foldwaande middels beskikt om syn ferplichtings te foldwaan.
3. De bydrage fan de minister kin alle jierren yn ferbân mei de ûntwikkeling fan leanen of prizen mei in persintaazje oanpast wurde, lykas dat yn foarkommend gefal troch de minister yn de rin fan it beguttingsjier foar syn hiele bydrage fêststeld wurdt. De provinsje folget yn dizze de minister yn de oanpassing fan syn bydrage.
4. It algemien bestjoer fan Tresoar kin by de fêststelling fan de begutting in persintaazje opnimme as foarriedige rûzing fan it fêst te stellen persintaazje as bedoeld yn it tredde lid.
5. As de minister of de provinsje in bysûndere taak opdraacht as bedoeld yn it fjirde lid fan kêst 2b, wêrfan't de kosten net yn de begutting op te fangen binne, wurdt dêrfoar troch de minister of de provinsje yn oanfolling op de jierlikse bydragen in yn it foar oerienkommen fergoeding betelle.
6. As it oansluten by dizze regeling fan oare bestjoersorganen of it sluten fan gearwurkingsoerienkomsten mei tredde, derta liedt dat in part fan de lêsten dy't folgje út de ynvestearrings as bedoeld yn de ynvestearrings- en eksploitaasjebegutting, troch dy bestjoersorganen en/of tredde droegen wurde, kinne de finansjele foardielen dy't dêrtroch ûntsteane op de jierlikse bydrage de minister en de provinsje nei rato yn mindering brocht wurde.

Kêst 17

1. It deistich bestjoer stelt ienris yn 'e fjouwer jier in fjouwerjierrich beliedsplan en in mearjierrêrûzing op.
2. It fjouwerjierrich beliedsplan befettet in skets fan de belieds- en trendmjittige ûntwikkelings op it mêd fan it kolleksje- en argyfbehear yn romme sin, it ûntsluten fan it dêryn opnommen erfgoed en it (Frysktalige) literêre klimaat yn Fryslân.
3. In perioade fan fjouwer jier dêr't yn lid 1 op doeld wurdt, falt gear mei de perioade fan in kultuernota lykas bedoeld yn kêst 3 fan de Wet op het specifiek cultuurbeleid.
4. It deistich bestjoer stjoert it ûntwerp-beliedsplan en de ûntwerp-mearjierrêrûzing oan it algemien bestjoer. It algemien bestjoer stelt se fêst. Uterlik 15 april fan it jier dat foarôf giet oan de perioade dêr't it fjouwerjierrich beliedsplan en de mearjierrêrûzing op slagge, wurde dy tastjoerd oan de minister, provinsjale steaten en it stichtingsbestjoer.

Kêst 18

1. It deistich bestjoer stjoert uterlik 15 april fan it jier dat foarôf giet oan dat dêr't de begutting foar ornearre is, de algemiene finansjele en beliedsmjittige ramten oan de minister, provinsjale steaten en it stichtingsbestjoer.
2. It deistich bestjoer biedt alle jierren, op syn minst acht wike foar de yn kêst 18a, earste lid, bedoelde fêststelling, de minister, provinsjale steaten en it stichtingsbestjoer, in ûntwerp oan foar de begutting mei taljochting fan Tresoar en in

mearjierrêrûzing mei taljochting foar op syn minst trije op it begruttingsjier folgjende jierren.

3. By it opstellen fan it ûntwerp foar de begrutting, bedoeld yn it earste lid, nimt it deistich bestjoer de troch of foar de minister, de provinsje en de stichting fêststelde beliedsramten en oare ynstruksjes yn acht, krekt as de algemiene oanwizings, bedoeld yn kêst 2, tredde lid en dêrneist it fjouwerjierrich beliedsplan, bedoeld yn kêst 17.
4. Yn de taljochting op de ûntwerpbegrutting wurde de aard en de omfang fan de foarnommen aktiviteiten beskreaun. Dêrby wurdt oanjûn hokker belangen en resultaten Tresoar mei de aktiviteiten neistribbet, op hokker wize de aktiviteiten útfierd wurde sille en foar hokker doelgroepen dy bedoeld binne.
5. De minister en deputearre steaten soargje derfoar, dat de ûntwerpbegrutting foar elkenien op besjen lein wurdt en algemien te krijen is tsjin betelling fan kosten. Fan it op besjen lizzen en de mooglikheid om de stikken te krijen wurdt yn it iepenbier kundskip jûn.
6. De minister en provinsjale steaten kinne harren sjenswize oer de ûntwerpbegrutting by it deistich bestjoer nei foaren bringen. It deistich bestjoer docht de kommentaren dêr't dy sjenswize yn stiet by de ûntwerpbegrutting, sa't dy oan it algemien bestjoer oanbean wurdt.

Kêst 18a:

1. It algemien bestjoer stelt de begrutting fêst yn it jier dat foarôf giet oan dat, dêr't de begrutting foar ornearre is.
2. Nei't dy fêststeld is, stjoert it algemien bestjoer, as dat nedich is, de begrutting oan de minister en provinsjale steaten dy't dêroer by de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes harren sjenswize nei foaren bringe kinne.
3. It deistich bestjoer stjoert de begrutting binnen twa wike nei it fêststellen, mar yn alle alle gefallen fôar 1 augustus fan it jier dat foarôf giet oan dat dêr't de begrutting foar ornearre is, oan de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes.

Kêst 19

1. Besluten ta it wizigjen fan de begrutting kinne oant uterlik de ein fan it oanbelangjende begruttingsjier nommen wurde.
2. De kêsten 18 en 18a, earste en twadde lid, bin fan soortgelikense tapassing, útsein dy wizigings wêrby't gjin feroaring yn de bydragen oanbrocht wurdt, bedoeld yn kêst 16, earste lid,
3. It deistich bestjoer stjoert de begruttingswiziging binnen fjouwer wike nei it fêststellen oan de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes.

Kêst 20

1. De minister en de provinsje foldogge de bydrage dy't se betelje moatte by wize fan foarskot yn tolve terminen jiers.
2. Ofwikend fan it earste lid kinne de minister, de provinsje en de stichting de bydragen by wize fan foarskot yn neier fêst te stellen terminen foldwaan.

Kêst 21

1. It algemien bestjoer stelt de jierrekken fêst yn it jier dat folget op it jier dêr't dy jierrekken op slacht.
2. It deistich bestjoer stjoert foar 15 april fan it jier nei it jier dêr't de jierrekken foar ornearre is, in foarriedige jierrekken nei de minister, provinsjale steaten en it stichtingsbestjoer. By de jierrekken is in ferklearring oangeande sekuerens en

rjochtmjittigens, ôfjûn troch in akkountant as bedoeld yn kêst 393 fan Boek 2 fan it Burgerlijk Wetboek.

3. It deistich bestjoer stiet der need fan dat meiwurking jûn wurdt oan troch of út namme fan de akkountant(s) fan de minister, de provinsje yn te stellen ûndersiken nei it troch de akkountant, bedoeld yn it earste lid, útfierde (kontrôle)wurk.
4. It deistich bestjoer bringt alle jierren oan de minister, provinsjale steaten en it stichtingsbestjoer foar 15 april in ynhâldlik ferslach út fan it wurk, it fierde belied yn it algemien en de doelmjittigens en effektiviteit fan syn wurk en wurkwize yn it bysûnder yn it ôfrûne kalinderjier.
5. It deistich bestjoer stjoert de jierrekken binnen twa wike nei de fêststelling, mar yn alle gefallen fóár 15 july fan it jier dat folget op it jier dêr't de jierrekken op slacht, oan de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, de minister, provinsjale steaten en it stichtingsbestjoer.
6. It deistich bestjoer soarget derfoar dat de yn it earste en tredde lid bedoelde stikken algemien te krijen binne.

Kêst 22

1. In posityf saldo kin ornearre wurde foar it foarmjen fan of tafoegjen oan de reserve, of kin útbetelle wurde. De hichte fan dy reserve wurdt troch it algemien bestjoer fêststeld, neidat de minister en provinsjale steaten dêroer heard binne. Foar safier't in posityf saldo net brûkt wurdt foar de reserve, sil it saldo nei rato fan de jierlikse bydrage oan de minister en de provinsje útkeard wurde.
2. De algemiene reserve yn in jier mei net mear wêze as tsien prosint fan de bydrage fan de dielnimmers mei-inoar oan de regeling fan dat jier.

Kêst 23

By de jierrekken stelt it algemien bestjoer de definitive bydragen fan de minister en de provinsje fêst.

Kêst 24

1. It algemien bestjoer stelt regels fêst oangeande de organisaasje fan de finansjele administraasje en fan it kasbehear en de boekhâlding fan Tresoar. By dy regels wurdt fêstlein hokker amtners fan Tresoar it dwaan fan betellings op 'e need hawwe en hokker amtners jild ynkassearje meie.
2. It algemien bestjoer stelt regels fêst oangeande de kontrôle op de finansjele administraasje en it kasbehear.
3. It algemien bestjoer nimt de besluten, bedoeld yn it earste en twadde lid, mei in mearderheid fan twa tredde fan de útbrochte stimmen.

Kêst 25

De minister en de provinsje kinne, yn it ramt fan de oanbelangjende regeling, mei-inoar fierdere regels stelle oer it finansjeel en materieel behear, oer de ynrjochting fan de begrutting, it finansjeel ferslach, jierferslach en punten fan omtinken foar de akkountantskontrôle.

Kêst 26

1. Neffens troch it algemien bestjoer, mei achtslaan fan de Archiefwet 1995, fêst te stellen regels, dy't oan deputearre steaten fan de provinsje meidield wurde, stiet it deistich bestjoer need fan de argyfbeskieiden fan de mienskiplike regeling Tresoar.

2. De argyfbeskieden fan de mienskiplike regeling Tresoar, dy't op grûn fan de Archiefwet 1995 oerbrocht wurde moatte, komme te berêsten yn it ryksarbyfbewarplak yn de provinsje.

Kêst 27

1. It bestjoer fan Tresoar jout as dêr om frege wurdt oan de minister, deputearre steaten en it stichtingsbestjoer de ynljochtings dy't foar it útoefenjen fan harren taak nedich binne. De minister, deputearre steaten en it stichtingsbestjoer kinne it ynsjen fan saaklike gegevens en beskieden easkje, foar safier't dat foar it ferfoljen fan harren taak reedlikerwize nedich is.
2. It bestjoer fan Tresoar stelt de minister altyd yn de gelegenheid tafersjoch te hâlden op it bepaalde by of neffens de Archiefwet 1995 oangeande de argyfbeskieden dy't yn it ryksargyfbewarplak yn de provinsje berêste.

Kêst 28

1. De minister, deputearre steaten en it stichtingsbestjoer dogge it deistich bestjoer meidieling fan de maatregels dy't by harren yn tarieding binne en plannen dy't foar it behertigjen fan de belangen, bedoeld yn kêst 2, foar Tresoar fan belang binne.
2. De minister, deputearre steaten en it stichtingsbestjoer kinne by de yn it earste lid bedoelde meidieling, de miening fan it deistich bestjoer freegje. Ek sûnder te freegjen kin it deistich bestjoer syn miening dêroer oan de minister, deputearre steaten en it stichtingsbestjoer kenber meitsje.

Kêst 29

It deistich bestjoer beslút oer beneaming, tydlik út it amt sette en ûntslach fan de direkteur fan Tresoar.

Kêst 30

1. It deistich bestjoer stelt in ynstruksje foar de direkteur fêst.
2. It deistich bestjoer regelet de ferfanging fan de direkteur.

Kêst 31

1. De direkteur stipet it algemien bestjoer, it deistich bestjoer en de foarsitter by it útoefenjen fan harren taak. Hy is yn de gearkomste fan it algemien en deistich bestjoer oanwêzich en hat dêr in advisearjende stim yn.
2. Mei achtslaan fan kêst 14, fjirde lid, wurde alle stikken, dy't fan it algemien of deistich bestjoer útgeane troch de direkteur mei ûndertekene.

Kêst 32

It fierdere personiel wurdt yn tsjinst nommen, tydlik út it amt set of ûntslin troch it deistich bestjoer.

Kêst 33

1. It deistich bestjoer stiet noed fan it ta stân kommen fan de arbeidsbetingsten.
2. It deistich bestjoer folget safolle mooglik de arbeidsbetingsten fan de provinsje.
3. In regeling dy't ôfwykt fan de yn it twadde lid bedoelde regeling, moat de ynstimming fan de regionale fakbûnsbestjoerders hawwe.

Kêst 34

It is mooglik en slút by de regeling oan troch besluten dêrfoar fan de minister, deputearre steaten nei it krijen fan tastimming fan provinsjale steaten, en it stichtingsbestjoer, en ek de bestjoersorganen of rjochtspersoanen, dy't oanslute wolle.

Kêst 35

1. It is mooglik en stap út de regeling nei it tastjoeren fan in beslút dêrfoar fan de minister, deputearre steaten of it stichtingsbestjoer. Deputearre steaten leit dêrby ek it beslút ta tastimming fan provinsjale steaten oer.
2. It algemien bestjoer regelet de gefolgen fan it opstappen. It opstappen giet yn op de earste dei fan it jier dat folget op dat, wêryn't troch de soarch fan it deistich bestjoer it opstappen yn de Nederlandse Staatscourant bekend makke is.
3. De kosten fan opstappen komme by opstappen fan de minister, deputearre steaten of it stichtingsbestjoer foar rekken fan de Steat, de provinsje, respektivelik de stichting.

Kêst 36

1. Dizze regeling kin wizige wurde by ienriedich beslút fan de minister, deputearre steaten en it stichtingsbestjoer.
2. Deputearre steaten binne foar it beslút ta it wizigjen fan de regeling de tastimming fan de provinsjale steaten nedich.

Kêst 37

Oan dizze regeling kin in ein makke wurde by beslút fan de minister, deputearre steaten en it stichtingsbestjoer. It algemien bestjoer stelt in likwidaasjeplan op dat foarsjocht yn de ferplichting fan de Steat, de provinsje en de stichting om alle rjochten en plichten fan it iepenbier lichem oer de Steat, de provinsje en de stichting te ferpartsjen op in yn it plan fêstleine wize.

Kêst 38

1. Dizze regeling giet yn op de earste dei fan de kalindermoanne dy't folget op it bekend meitsjen yn de Staatscourant troch de minister.
2. Deputearre steaten stjoere de regeling oan de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes.

Kêst 39

Dizze regeling wurdt oanhelle as: Mienskiplike regeling Tresoar.

Kêst 40

1. De mienskiplike regeling Letterhoeke, publisearre as taheakke by it beslút fan de steatssekretaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskippen fan 4 juny 2002 (Staatscourant 2002, 163) wurdt ynlutsen.
2. De rjochten en ferplichtings fan de Regeling Letterhoeke, lykas dy bestiene op it stuit foar it yngean fan dizze regeling bliuwe yn stân nei it yngean fan dizze regeling.

De minister fan Basis- en Fuortset Underwiis en Media,

A. Slob

Deputearre steaten fan Fryslân,

De foarsitter

de sekretaris

Drs. A.A.M. Brok

R.E. Bouius-Riemersma MBA MCM

Bestjoer fan de Stichting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum;

De foarsitter

de sekretaris

W. Verf

P. de Groot